


Gearkomsteferslach Genealogysk Wurkferbân 5 april 2025

Foarsitter Gosse van der Plaats koe om om 13.30 oere 14 minsken wolkom hjitte, wêrûnder de sprekker, de hear **Reijer Jan de Vries** fan Nijverdalen en syn frou. Spitigernôch wie der ôfberjocht fan 8 trouwe besikers, t.w. de froulju Anny Renema-Bokkinga, Anneke Westerhuis-Jager en Ietje Spits-Buren en de hearen Jabik van der Bij, Sibbele de Jong, Jan Jarig van der Tol, Hans van Dijk en Rinse Spits (notulist). Der binne gjin fierdere meidielingen en ynkommen stikken. De ferslaggen fan 1 febrewaris en 8 maart 2025 wurde ynhâldlik goedkard mei tank oan de notulist.

Sprekker, hy wie predikant en dosint praktyske teology, syn ferhaal omfiemet yn grutte halen **trije punten (fet printe)** mei as motto 'Fictie biedt bij útstek sicht op de werkelijkheid'. Syn niget oan de genealogy begjint as hy as studint teology de preken fan syn Lemster pake, Joost de Vries, kriget.

De Vries presintearret earst **syn âldste 5 stamâlden** mei as âldste in Rinnert N, mr.kûper yn Beetstersweach. By de âldste generaasje hat hy stipe hân fan syn efterneef Réne Haantjes, de boarnen fan Piet Nieuwland, de transkripsjes fan Jan Post (oanrikt troch ûnderskreaune) en Jelle Terluin. Fansels hat hy earst ferskate genealogyske hânboeken rieplachte, mar hy ûnderstreket ek it belang fan musea.



It twadde punt is **it belang fan ferhalen** yn it foarste plak foar de genealogyske ûndersiker (sjoch motto) en foar it foarmjen fan de identiteit fan de hjoeddeiske lêzer nei de yndividualisearring fan de 80 en 90 jierren fan de foarige iuw en foar de presintaasje fan de genealogyske gegevens. Hy ûnderskiedt 5 presintaasjefoarmen: 1) de basis mei primêre dtb-data 2) basis+ oanfolle mei sekondêre gegevens út de Nedergerjochten, kohieren, notariële akten ensfh. 3) ferslach mei brieven, kaartsjes, foto's en ynterpretaasjes fan dizze boarnen. 4) it ferhaal (sjoch 'Verborgten verleden', nije website CBG). Sprekker lit bygelyks in doe jonge foarfaar yn 1734 kofje drinke yn Beetstersweach, in drank 'yn opkomst', de âldere minsken holden it doe noch by bier. En op't selde stuit wie der kofjekonsert yn Leipzig. De situaasje op de Sweach is betocht, de opkomst fan de kofje en de parallel mei Leipzig binne histoarysk korrekt. Feksjon (ing: faction) dus. 5) de roman basearre op histoaryske feiten. Foar it skoft is der romte foar diskusje oan dizze feksjonoanpak. Foar de ien binne de eagen iepengien dat in genealogy mear is as de basisfoarm, in oar sjocht de ambifalinsje tusken feiten en fiksje. It moat ek net trochslaan nei in algemien skiednisferhaal mei famyljefeiten.

It belang fan de **godstsjinstige boarnen** foarmet it tredde punt nei it skoft. Godstsjinst jout sin op twa manieren, opfettingen jouwe ynhâld oan it libbensferhaal en gedrachsoarmen foarmje mei in beskate libbensstyl. Godstsjinstige boarnen (en ek oare boarnen) binne opsteld mei in bepaald doel. Dat doel moat de ûndersiker goed foar eagen ha. Hy neamt û.o. it Consily fan Trente (1545-1563), de Provinsjale Synode fan Dordrecht fan 1574, de Etat Civil fan 1792 yn Paris. De tsjerke hie oant yn de 20e iuw in grutte

rol yn it deistige libben fan ús foarâlders. De Vries neamt trije foarbylden: 1) Rinnert Haijes, syn meniste stamgrutpake wie lidmaat fan de Grinzer âlde Flamingen fan Oerterp/Drachten mei as skaaimerken: strange wrâldmijing, tapassen fan de ban, ek yn eigen houlik, gjin bûtentrou mei oare rjochtingen en sobere libbensstyl oangeande klean en iten. Rinnert syn tredde frou, Hylckje Wyttes kaam fan Lippenhuzen. Yn 1665 waard dêr de meniste fermanje ôfbrutsen op oanstean fan û.o. dûmny Nicolaas Schuring fan de Sweach, hast in buorman fan Rinnert en Hylckje. 2) Rinnert giet foar de earste kear yn de lange hier yn 1665 as Menist foar it gerjocht, mar yn de Griformearde tsjerke fan Beetstersweach, dy't doe noch troch de wike as rjochthûs fungearre. 3). Soan Jacob boasket yn 1701 yn dizze tsjerke as lidmaat fan dy tsjerke. Yn dy tuskentiid hiene de Dopersen mear tsjerkefrijheden krigen, om't sy mei in protte jild it lânsregear stipe hiene yn 1666 en 1672 (it rampjier). Fanwegen de tastiene frijheden krigen hja aktyf kiesrjocht, rekken sy mear belutsen by de maatskippij en waard wrâldmijing lytser ensfh. En sa gyng soan Jacob oer nei de Steatstjerke, de Grutte Tsjerke.

Ofslutend is der benammen oer dit lêste aspekt in libben neipetear. In oantal oanwêzigen hiene wol "de Lemmer" mist, sjoen de útnûging, mar krigen ynstee 'De Sweach'. Rom healwei fjouweren koe de foarsitter de sprekker betanke mei it wenstige slúfke foar syn dochs wol bysûndere en net reguliere oanpak fan in genealogy en syn oandacht foar de godstsjinstige boarnen. Dit 'ferhaal' hie 'in grutter publyk' fertsjinne!

Gosse van der Plaats (notulist by need).